

Men kin altiten wol  
in stien fine om in  
hûn te slaan

# Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



## "Wat wy dogge is seker topsport"

Liesette Bruinsma uit Wommels zwemt in Rio zes afstanden tijdens Paralympische Spelen

pagina 3>



## Fjirtjinde edysje Spulwikekrante

Spannende ferhalen en prachtige foto's bringe ús wer ekkes werom nei dy moaie wike yn july

Bylage 9-16>



## Skriuwersdebút Janneke de Boer

Rôversguod is spannend berneboekje mei prachtige illustrasjes en roeken yn de haadrol

pagina 9>

## Kampioenspriis ielrikjen nei Feanwâlden



De ielrikkers kamen ôfrûne sneon yn aksje yn Baard. It gong om it iepen kampioenskip fan Littenseradiel, dat yn 2011 foar de lêste kear holden wie. Kampioen waard Eddy de Roos senior (foto) út Feanwâlden. De kampioensielen wiene neffens de sjuery it moaiste fan kleur, it bêste fan smaak en it measte gear. Eddy de Roos wie tegearre mei syn soan Eddie nei Baard kaam om de ielen te rikjen. Eddy senior wie Frysk kampioen ielrikjen yn 2001, 2011 en 2012, soan Eddie gong yn 2014 en 2015 mei dizze titel nei hûs. It Frysk kampioenskip bellibet kommende sneon yn Tsjalbert syn 23ste edysje. Yn Baard gong de twadde priis nei De Rienster Rikkers út Rien en wie de tredde priis foar Dick de Haan út De Triemen. Foar de bern wie der in fiskwedstriid, dy't wûn waard troch Elisa de Roo út Baard. Twadde waard Ale Reitsma út Baard en de tredde priis wie foar Amarins de Boer út Aldehaske. De belangstelling foar it evenemint, dat ek noch bestie út in Simmerfair, wie neffens de organisaasje goed.

Foto: Hinne Bokma

## Sukses foar Holtrop en Chardon op CH yn Riis

Riis – Succes foar Jelmer Chardon út Jorwert en Feike Holtrop út Baaium en syn dochter Hiltje út Wjelsryp op it concours hippique yn Riis. Mei de yn desimber 2015 goedkarde dekhynst Eise 489 waard Jelmer Chardon Nederlânsk kampioen yn de eareklasse Frysk ras.

Jelmer makke twa jier lyn syn debút yn de túchsport. Earder dit jier waard er mei Eise kampioen by de dekhynsten foar de konkoerswein en hy wûn in pear kear yn de 'nieuwelingenklasse'. Eise stiet op it dekstasjon fan Chardon yn Jorwert en mei 180 dekkingen is er foar dizze simmer klear.

Ek yn de 'nieuwelingencompetitie' Frysk ras wie der in earste priis foar Jelmer. Mei it hynder Stal

Chardons Jorbert wie er de bêste. Yn de rubryk Frysk ras tandems om it KNHS kampioenskip waard de Jorwerter hynstehâlder tredde mei de hynsten Stal Chardon Ferdinand en Eise 489. Yn dy rubryk gong de fjirde priis nei Feike Holtrop, dy't Egberth van de Zonschate en Hessel fan 'e Stjelpdyk foar de konkoerswein rinnen hie.

Hessel fan 'e Stjelpdyk is it eigendom fan Elbert-Wim Andela út Wjelsryp. Syn partner Hiltje Holtrop waard yn de frouljusklasse Frysk ras om it ferieningskampioenskip earste mei Egberth van de Zonschate. Dit hynder is eigendom fan har heit. Yn de rubryk Frysk ras twaspannen wie der in tredde priis foar Feike Holtrop mei de hynsten Andries H. en Jasper fan 'e Stjelpdyk, eigendom fan Andela.

## Rely Jorritsmapriizen Pieteke de Boer en Henk Nijp

Wommels/Mantgum – Pieteke de Boer út Wommels en Henk Nijp út Mantgum krije op 1 oktober de Rely Jorritsmapriis útrikt. Se krije de priizen yn de kategory fersen. Pieteke de Boer mei it fers De Bosk, Henk Nijp mei Tún.

Yn de kategory poëzy hat Tjitske van der Meer út Mantgum de earste priis wûn yn de Junior Rely-priisfraach.

Dit jier komme der trije fersen en ien ferhaal foar in priis yn oanmerking.

**FUELPWER**  **EVENT**

**TRUCK- EN TRACTORPULLING**  
**OLDTIMERS**

 **3 - 4 SEPTEMBER**

*Uw voeten in goede handen*

**Clara**

Medisch- en oncologisch  
voetzorgverlener

Breed gespecialiseerd in behandeling:  
diabetes, reuma, oncologie en overige risicovoeten.

Tjessingawei 8 Hilaard  
Mob: 06-55 56 44 08  
Tel: 058-251 93 78

[www.pedicurepraktijkclara.nl](http://www.pedicurepraktijkclara.nl)

## 'Educatie en voorlichting over landbouwverkeer op smalle wegen'

Wommels - Zwaar landbouwverkeer op de smalle wegen in de gemeente Littenseradiel. Veel mensen voelen zich onveilig met die grote landbouwvoertuigen. Met een speciaal lesprogramma voor schoolgaande kinderen en meer voorlichting voor de inwoners en de melkveehouders kan er over en weer meer begrip ontstaan, zo maakt student Erik Storm van de Thorbecke Academie in Leeuwarden duidelijk in een onderzoeksrapport.

Door Hinne Bokma

Storm voerde het onderzoek uit in opdracht van de gemeente Littenseradiel. Het was een vervolg op een enquête onder de inwoners in

2010, waaruit naar voren kwam dat veel mensen zich niet veilig voelen als grote trekkers voorbij komen. Inwoners vinden dat de landbouwvoertuigen vaak te snel rijden en dat de bestuurders niet rekening houden met het overige verkeer. In het verleden hebben zich enkele ernstige verkeersongevallen met landbouwvoertuigen in de gemeente voorgedaan. Die aanrakingen hebben een grote impact gehad op de veiligheidsbeleving en zorgden er voor dat het item op de politieke agenda terecht kwam. De gemeenteraad praat binnenkort over het rapport van Storm. De student constateert dat de enorme omvang van sommige landbouwvoertuigen voor problemen zorgt in de kleine en

historische dorpen in Littenseradiel. Wegen raken beschadigd. Tegelijk stelt de onderzoeker vast dat het gevoel van onveiligheid bij veel inwoners niet wordt bevestigd door een hoog aantal geregistreerde ongevallen. Dat maakt de aanpak ingewikkeld en is het moeilijk om passende maatregelen te nemen.

Met meer voorlichting, educatie en handhaving door de politie is volgens Storm wel winst te behalen. Het aanpassen van de wegen is te duur en moeilijk te realiseren. De aanpak moet worden gericht op onderwijs en naleving van de regels. Goede educatie kan er toe leiden dat verkeersdeelnemers zich beter van elkaars aanwezigheid bewust zijn.

**IEPENLOFTSPUL JORWERT 2016**

**LONDEN '68**

27 AUGUSTUS O/M 24 SEPTIMBER

[WWW.IEPENLOFTSPULJORWERT.NL](http://WWW.IEPENLOFTSPULJORWERT.NL)

 Rabobank